

## Swietrook

Doede Veeman

soms rin ik yn de hjerst ûnder de beammen  
en samar slacht de weemoed op my del  
de poddestuolle-lucht lûkt yn myn teannen  
dy rook fan rotsjend hout krûpt yn myn fel  
de noas is wichtich, is myn ûnderfining  
bepalend foar gefoelens dy't wy ha  
fernimt myn noas dy luchtsjes fan ûntbining, dan  
slacht by my fuort de depresje ta

*kearsang: mar rekket my de lucht fan bakte sipels  
stoofde parkes parfum yn myn noas  
rûk ik grientesop mei knyfloksnipels  
dan wurdt by my it sin fuortdaliks oars  
piperwoartelsaus op artisjokken  
stoofpot auberzjyn mei farske mint  
ik moat fan de weromstuit wakker slokke  
om't wetter my dan om 'e tosken rint*

soms is in tryste lucht net fuort te krijen  
dat spilet bygelyks ek nei in brân  
dy stank dy't oerbliuwt, minsken 't is in lijen  
ik ha dêr sels ek mei te krijen hân  
dan hinget oeral rook fan reek en jiske  
en hoe'st ek himmelst, rekkest it net kwyt  
it fielt en rûkt al hast de hel befiske, want  
alles snúft nei swart al is it wyt

*kearsang: mar rekket my de lucht fan bakte sipels  
stoofde parkes parfum yn myn noas  
rûk ik grientesop mei knyfloksnipels  
dan wurdt by my it sin fuortdaliks oars  
piperwoartelsaus op artisjokken  
stoofpot auberzjyn mei farske mint  
ik moat fan de weromstuit wakker slokke  
om't wetter my dan om 'e tosken rint*